

Tekst 1 Yn de oanfal!

- 1p 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
A Alinea 1 is de gearfetting fan de tekst.
B Alinea 1 is de ynliding fan de tekst.
C Alinea 1 is de konklúzje by de tekst.
D Alinea 1 jout de probleemstelling fan de tekst wer.
- 2p 2 Jou de haadgedachte fan alinea 2. Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p 3 Wat is it ferbân tusken alinea 2 en 3?
A foarwaardlik
B konkludearjend
C opsomjend
D útlizzend
- 2p 4 Jou de haadgedachte fan alinea 4.
Brûk net mear as 5 wurden.
- Neffens alinea 5 moat immen dy't it Frysk machtich is dêr materieel foardiel fan hawwe.
- 2p 5 Hokker sinpart yn alinea 3 jout dêr in útwurking fan?
- 1p 6 Wat is it ferbân tusken "It Frysk ... deistich bestean." (r. 58-65) en "Allinne ûnder ... taal oerein." (r. 65-67)?
A foarwaardlik ferbân
B opsomjend ferbân
C redenjouwend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p 7 Wat is it ferbân tusken "In machtiger ... en draachflak" (r. 68-74) en "Dêrom moat ... diskusje komme" (r. 74-75)?
A foarwaardlik ferbân
B opsomjend ferbân
C redenjouwend ferbân
D útlizzend ferbân
- 2p 8 Willem Verf pleitet foar in brede maatskiplike diskusje.
Helje it tekstpart oan dêr't dat 'brede' yn nei foaren komt.
- Understeande sitaten binne bedoeld as ynliding by de fragen 9 en 10.*
"Wa't de Fryske taal rêde wol, soe him in pear dingen realisearje moatte."
(r. 107-108)
"Frysk is in prachtige taal, of better sein: wíe in prachtige taal." (r. 115-116)
- 2p 9 Neam de twa oarsaken dy't Koos Tiemersma jout foar de mindere kwaliteit fan it hjoeddeiske Frysk. Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p 10 Neam twa 'dingen' dy't men jin realisearje moat as men in taal rêde wol.

- 1p **11** “Willem Verf hat yn alles folslein gelyk.” (r. 138-139)
Foar hokker alinea of alinea’s jildt dy opmerking?
A foar alinea 4
B foar alinea 4 en 5
C foar alinea 4 en foar in part foar alinea 5
D foar alinea 5 en foar in part foar alinea 4
- 2p **12** Lis yn heechút 15 wurden út wat it ferskil yn it befoarderjen fan it Frysk tusken Koos Tiemersma en de wurkgroep is.
- 2p **13** Hokker sin út de bydrage fan Willem Verf jout oan dat hy wierskynlik net in protte betrouwen hat yn de oanpak fan Koos Tiemersma?

Koos Tiemersma en Mirjam Vellinga ha om deselde reden argewaasje fan it Oanfalsplan.
- 2p **14** Watfoar reden is dat? Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p **15** Wat is it ferbân tusken “Neffens harren ... net mei ...” (r. 162-165) en “En ik ... sels wol.” (r. 166-169)?
A ferlykjend ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân
- 2p **16** Hokker beswieren hat Mirjam Vellinga tsjin in brede maatskiplike diskusje oer it Frysk? Brûk net mear as 25 wurden.
- 1p **17** Hoefolle prosint fan de Friezen soe neffens Willem Verf foar it fersterkjen fan it Frysk wêze moatte om dêr enerzjy yn te stekken?
A 70%
B mear as 50%
C 30%
D 20%
E Dat is net út de tekst op te meitsjen.
- 1p **18** Hoefolle prosint fan de Friezen soe neffens Mirjam Vellinga foar it fersterkjen fan it Frysk wêze moatte om dêr enerzjy yn te stekken?
A 70%
B mear as 50%
C 30%
D 20%
E Dat is net út de tekst op te meitsjen.
- 2p **19** Wurdt it taalbelied fan de Welsh Language Board ek tapast yn Fryslân? Motivearje dyn antwurd mei in sitaat út ien fan de earste trije alinea’s.
- 2p **20** Hokker sinnen yn alinea 12 jouwe in foarbyld fan op-de-man-spyljen?
- 2p **21** Wat wurdt yn ferbân mei de tekst bedoeld mei ‘twongen houliken’ (r. 229)?

- Koos Tiemersma skriuwt yn r. 90 'automatys', yn r. 118 'agraris' en yn r. 129 'Nederlânse'. Dat soe eins wêze moatte: automatysk, agraryske, Nederlânske. Mirjam Vellinga skriuwt yn r. 218: 'yts'. Dat soe eins wêze moatte: eat.
- 2p **22** Is de skriuwwise fan Koos Tiemersma en dy fan Mirjam Vellinga yn oerienstimming mei harren hâlding foar it Frysk oer? Motivearje dyn antwurd. Brûk net mear as 15 wurden.

Tekst 2 Geweld tsjin helpferlieners

- 1p **23** Wat is de funksje fan alinea 1?
- A Alinea I is de gearfetting fan de tekst.
 - B Alinea I is de ynliding fan de tekst.
 - C Alinea I is de konklúzje by de tekst.
 - D Alinea I jout de probleemstelling fan de tekst wer.
- 2p **24** Yn alinea 2 stiet in tsjinstridichheid. Omskriuw yn heechút 10 wurden wat dy tsjinstridichheid ynhâldt.
- “Do moatst no as yndividu sels bepale hoe'tst dyn libben yn'rjochtest.” (r. 31-33)
- 2p **25** Wêr waard dat yn it ferline troch bepaald? Brûk net mear as 10 wurden.
- 2p **26** Hokker groepen meitsje har skuldich oan agressyf gedrach? Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **27** Wat is it ferbân tusken alinea 4 en 5?
- A konkludearjend
 - B opsomjend
 - C redenjouwend
 - D tsjinstellend
- 1p **28** Hokker fan boppesteande bewearingen is of binne goed?
- A Allinne bewearing 1 is goed.
 - B Allinne bewearing 2 is goed.
 - C Beide bewearingen binne goed.
 - D Beide bewearingen binne fout.
- 2p **29** Hokker manieren om de problemen oan te pakken binne der neffens alinea 8 en 9 noch mear mooglik? Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p **30** Wat is it ferbân tusken alinea 8 en alinea 9?
- A konkludearjend
 - B opsomjend
 - C redenjouwend
 - D tsjinstellend
- 2p **31** Do kinst de tekst yn twa parten opsplitse. By hokker alinea begjint it twadde part? Motivearje dyn antwurd.